



[Begin pagina](#)

[English page](#)

[Engelum](#)

[Geschiedenis](#)

[Dorpsfoto's](#)

[Kerkklokken](#)

[Bewoners](#)

[Dorpsbelang](#)

[Verenigingen](#)

[Jeugdclub](#)

[De oude doos](#)

[Woningaanbod](#)

[Sponsors](#)

[K.v.Sla Raak](#)

[Museum](#)

[Fietsroute](#)

[Links](#)

[Archief](#)

[Redactie](#)

[E-mail](#)

[Gastenboek](#)

TOANIELSELISKIP NIEUW LEVEN INGELUM

Ûnder rezjy fan Wouter van der Wal út Ljouwert binne ús leden sûnt 4 septimber mei in soad nije enerzjy alwer drok oant repetearjen, om foar jim yn jannewaris/febrewaris 2010 In frou foar Tobias op 'e planken te setten.









Us nije regisseur Wouter van der Wal.

Wy kinne dit jier twa nije leden wolkom hite, Carla Schuurman en Nynke Miedema komme ús selskip versterkjen. Carla wennet noch mar krekt yn Ingelum, mar doet wy har fregen om lid te wurden sei se fuort ja. Geweldich, gie it altiid mar sa makkelijk! Foar Nynke hawwe wy in protte muoite dwaan moatten om har by toaniel te krijen en doet wy der einliks yn slagge wienen moast se begjin oktober troch privee omstannichheden har rol werom jaan. Omdat Nynke in dragende rol hie, hat soks gelyk syn wjerslach op ‘e repetysjes. Opnij moasten wy op syk nei in nije froulike spiler, gjin gemakkelijke opjêfte. De hiele simmer wienen wy al dwaande west om de rolbeseting rûn te krijen. Wy binne hjir heilweis augustus krekt yn slagge. It wie dan ek in hiele toer om op sa’n koarte termyn in nije froulike spiler te fienen. Wy hawwe alle potinsjele kandidaten yn Ingelum, Marsum, Bitgummole, Bitgum, Berltsum en Ljouwert benadere, mar spitigernoch sûnder sukses. Ek hawwe wy by toanielselskippen yn ‘e omkriten en iepenloftspul Dronryp frege om sy in spiler beskikber hienen. Mar sy sitte mei it selde probleem, ek by hun binne net alle leden elts jier beskikber om te spyljen. Se hienen gjin spiler oer. It mei dúdlik wêze dat soks in grutte druk leit om in bestjoer. Wy moasten hast beslúte om in oar stik te spyljen wat wy noch wol besette koenen. Soks is fansels yngripend en freeget in swiere ynspanning fan bestjoer en de leden dy’t spylje. As je der ta beslute moatte, is it noch mar de fraach of spilers nei twa moannen fan repetearjen, it opbringe kinne om mei in nij stik oan ‘e slach te gean. Gelokkich is it safier net kommen, mar it wetter stie ús oan

‘e lippen ta!! It hat ús dan ek in protte kopsoargen en enerzjy kosse mar nei trije wiken fan ûnwissens, wie Ypie Osinga út Koudum ree om dizze rol oer te nimmen. Wy binne tige bliid dat Ypie ús ut ‘e brân helpe woe en der hawwe wy grut respekt foar, want it is fansels net niks om twa kear yn ‘e wike út Koudum nei Ingelum te riden. Wy kinne ús no wer folslein ta lizze op ‘e repetysjes, want wy hawwe troch dit alles dochs wat êfterstân oprûn mei repetearjen.










In frou foar Tobias spilet sich ôf yn it hearenhûs fan de famylje Van Vlijmen. Van Vlijmen is in rike fabrikant yn ûnderguod. Op it kantoar fan de firma Van Vlijmen hat de kompanjon en bêste freon fan de direkteur, Albert van Vlijmen, in famke op kantoar oannommen, de 23 jierrige Carolien Stel. Troch omstannichheden is Carolien, dy't by in âldere frou yn ûnderhier is, twongen om te sjen nei oare wenromte. De kompanjon fan Albert, Robert Jansen, freget dêrom syn freon, oft hy en syn frou ree binne Carolien tydlik in diel fan harren achterhûs te ferhieren. Nei't de Van Vlijmens dit goed yn har omgien litten ha, stimme se hjirmei yn. De 25 jierrige soan fan it hûs, de ferlegen en wrâldfrjemde wiskunde studint, Tobias, sjocht de komst fan de froulike hierder mei mingde gefoelens temjitte. Hy hat al safolle muoite mei Ans, it tsjinstfamke, dat hieltyd, op in nochal opfallende en útdaagjende wize, syn oandacht besiket te lûken. Wannear 't Carolien dan har opwachting makket, is Tobias hielendal de trie kwyt en behoarlik ûnder de yndruk troch har ferskinning. Wannear 't Carolien goed en wol har keamer yn it achterhûs bewennet, komt har mem op besite op ris te sjen hoe't mei har dochter giet. It is in bemuoisuchtich, praterich minske, dy't oan ien trie wei by it ferkearde ein hat. Wannear't se har opwachting makket yn it hûs fan de Van Vlijmens, treft se de frou fan it hûs yn in ynlike omearming mei Robert Jansen, de kompanjon fan har man, mei wa't se al jierren in ferhâlding hat. Wannear't Aghaat Stel krekt letter nei it achterhûs giet om har dochter te begroetsjen, is se der fan oertsjûge dat Robert Jansen Albert van Vlijmen is, de man fan Dora. Aghaat dy't wol foldocht yn it hûs fan de Van Vlijmens, beslút in skoftsje by har dochter te

bliuwen en fuort mar fan de fasiliteiten gebrûk te meitsjen dy't hûs van de Van Vlijmens biedt. De Van Vlijmens en Carolien besykje har kear op kear oan it ferstân te bringen dat men net op har selskip steld is, dochs Aghaat praat oer alles hinne en heart net wat der sein wurdt. Wannear't se op in letter tiidstip Albert van Vlijmen syn frou tútsjen sjocht, lukt se hjir har ferkearde konklúzje út en besiket Tobias te warskôgen foar dizze man. Tobias dy't har fertelle wol dat it syn heit is, wurdt troch Aghaat net oan it wurd litten. Wannear't se dan sels de telefoan oannimme sil en har mei de saken fan de fabryk bemuoie sil wurde de saken allinnich mar yngewikkelder.










Sa't jim lêze kinne hat dit stik alles yn sich om jim in noflike toanieljûn te besoargjen en wy hoopje jim toanielleafhawwers dan ek mannmachtich te moetsjen op ús útfieringsjûnen. Jim binne tige wolkom op sneon 30 jannewaris of sneon 6 febrewaris 2010 yn doarpshûs Skerne Wibe yn Ingelum. Beide jûnen begjinne om 20.00 oere. De generale repetysje hâlde wy op tongersdei 28 jannewaris 2010 de oanfang is dan 19.00 oere. Notear dizze data alfêst yn jim aginda!







De kaertferkeap start yn jannewaris. Yn it jannewarisnûmer fan dit blêd en via WWW.Engelum.com hearre jim noch fan ús by wie en wannear jim kaarten bestelle kinne.

Graach oant sjen op ien fan ús útfieringsjûnen yn Ingelum!!

It bestjoer.

[Toaniel foto's 2009](#)

[Werom](#)

